

# De Jacht



*Durk van der Ploeg*

# De Jacht



NIJE BIBLIOTEEK

© 2014 Durk van der Ploeg

Tredde printing

Ferskynd yn de rige 'Nije biblioteek', in mienskiplik projekt fan TDE:  
Tresoar, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum  
Digitale Bibliotheek voor de Nederlandse Letteren  
Utjouwerij Elikser

Dizze útjefte is in yntegrale werútjefte fan de earste printing, ferskynd yn  
1988 as nr. 69 yn de 'Gurbe-rige' by de Friese Pers Boekerij bv te Drachten/  
Ljouwert.

Omslachûntwerp: Hannie Pijnappels

Utjefte is mei mooglik makke troch subsidzje fan de Provinsje Fryslân yn it  
ramt fan it projekt TDE-Edukatyf en de realisasje fan de ôfdieling Frysk op  
lezenvoordelijst.nl.

ISBN : 978 90 8954 188 8

NUR : 301

*De Yacht* is opnommen yn de digitale biblioteek fan DBNL, sjoch [dbnl.org](http://dbnl.org)

Eksimplaren binne te bestellen op  
[elikser.nl](http://elikser.nl)  
[dbnl.org](http://dbnl.org)  
of by de boekhannel

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn in automatisearre  
gegevensbestân en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm  
of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan Tresoar,  
DBNL, Utjouwerij Elikser B.V. of de rjochthawwers.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means,  
without written permission from the publisher.

*Opdroegen oan*  
Josef Wilhelm Bernard Cohen  
Herfoarme dûmny te Dokkum  
\* Amsterdam 30 juny 1904  
† Dachau 23 maaie 1942

*Wat kunnen mensen doen?  
Geweldig veel. Ze kunnen je brodeloos maken,  
je gezin stukslaan, ze kunnen je aangeven, in de gevangenis  
zetten, martelen en doden.  
Ze kunnen de aarde vervullen met bloed en tranen.  
Wat kunnen mensen doen aan de gelovige die  
uit de opstanding leeft, dit is uit die hogere  
onzichtbare werkelijkheid?  
Het geloof is de vaste grond der dingen die men hoopt,  
een bewijs der zaken die men niet ziet.  
Velen in deze gemeente geloven dit niet.  
Ze zeggen: 'Wat ik niet zie bestaat niet.' Och, ik zie niet  
dat er iemand achter één der pilaren zit.  
Ik zie dat niet, maar daarom is hij er wel.*

Ut de preek fan dûmny J.W.B. Cohen,  
hâlden op snein 15 juny 1941.  
De preek dy't him needlottich waard.

I

# De Krisisjierren





## 1.

As lêste nimt Former it gewear yn 'e bedsteekast fan 'e spiker, klikt it in pear kear iepen en ticht, dat it lûd kil wjerkeatst yn 'e lege keamer. Hy rjochtet der mei op it bleke plak yn it behang, dêr't sûnt jier en dei in ovaal portret hinge fan in man dêr't mem de namme noch nea fan oer de lippen kommen is. Mei in doffe tik hellet er de hoanne oer. Rjochtet tinkbyldich troch it finster.

De hûn streaket him ûnwennich om 'e skonken en jankt.

'Kom Okky,' seit er tsjin 'e hûn. 'Wy sill' fuort.'

Oer de hage sjocht er Germ al stean. Noch ienkear giet er in slach troch it lege hûs. Even stiet er op 'e drompel fan it keammerke, dêr't omke ferline hjerst op it hege ledikant de dea fûn. It rûkt moassich en soer. De hûn rint snuwend ûnder it bêd lâns en stekt de snút tsjin de ûnderkant fan it matras. It blauwe plankesket skulfert op it hollenein. Troch de efterdoar giet er nei bûten. Hy rûkt de kjeld.

Dan bringt er it gewear yn 'e wein en stekt it mei doel tusken de stoel-speaken. In tekken bedekt it wapen.

'Klear?' freget Germ.

It minske hyst har op it hege foarkret.

Beret, as hat it har al fierstelang duorre, ropt se 'Ride.'

Noch ienkear lit se it each oer it spul gean en stekt in hân op nei de swarte finsters. In groet nei wat tinkbyldichs, dat dêrbinnen har weemoed yn ûntfangst nimt. Ritske. It foarbije libben. Der is safolle dat op dat stuit troch har hinne giet. It is it momint dat se loslitte moat wat se leaf krigen hat. Hoe faak hat se it hjir net ferwinske. Mar no giet it har dochs even oan. Fjirtich jier hat se op dit plak west. En dat is har net yn 'e kâlde klean hingjen bleaun.

Hy hellet de fyts út 'e skuorre en lûkt de doar efter him ticht. Troch de keale beammen fan it hôf eaget er it tún oer. Foarhûs op it sânpaad wjerpegelt de loft kjeld yn 'e finsters. Dan sjocht er de wein fuortriden. De tsjellen rattelje oer de Efterwei.

As kin er him mar net fersoenje mei dizze ferhuzing, seit er heallûd 'Dit hie se yn 'e kop, it ychel.'

It is yn 'e winter fan '36, as op in sneontemiddei yn jannewaris de tichte wein fan Germ Woelinga de Efterwei delkomt en de Dokkumerloane yndraait. Der blaast in izige wyn út it noarden. It âld minske sit foar yn 'e wein njonken Germ en sjocht yn in kjelderige winterloft.

'Kinst it hurdzje, Gees?' freget Germ.

‘Dit hat altyd myn ideaal west, it paad werom lâns. Hoe soe ik dan lêst fan ’e kjeld ha,’ seit se optein.

‘Bist in fjoerfretter,’ seit Germ.

Se trieneaget yn ’e wyn, mar jout gjin krimp. Dit wol se har net ûntkomme litte. Hoe lang al hat se nei dizze dei útsjoen. It is no hast fjirtich jier lyn dat se yn omkearde rjochting gyng mei it foarnimmen om nea werom. En dat hat se jierren leaud. Nea wer efter Dokkum. It leit no allegear fier efter har. De tiid hat leard dat it bloed altyd wer krûpt dêr’t it net gean kin.

De wein kreaket op ’e hurdferzen kluten en it foarkret stompt har hurd ûnder it gat. Se lûkt de astrakan kraach fan ’e mantel oan ’e earen ta. Har koarte skonken kinne it stokramt net rikke, dus bongelje se as stevige pealtsjes by de wein del. De kont fan ’e bels, rûch yn it winterhier, jout wat smoutte foar de fuotten. Germ springt fan ’e wein, hinget de jaling oan ’e nokke om de hannen waarm te bûtsen. Yn ’e wein rattelt de ynboel as hûnger yn in lege mage. Noch in lyts eintsje en se binne op it lêste fan ’e beamwâlen. Dan begjint der in oare wrâld, dêr’t se sûnt de hjerst fan dreamd hat. Dêr leit it iepen fjild, mei op ’e eftergrûn Dokkum en It Fûgellân. Dêr kin se sjen safier it each rikke kin.

Efter de wein rint Former Bloemkamp mei de hûn. De fyts oan ’e hân stuitert oer it hurde paad. Hy siket de lijte fan ’e brede kape. Soms sjocht er even oer it skouder nei wat se ferlitten hawwe. De swarte beammerige bylâns de Efterwei en de Foksegatten leit as in skieding efter him. It hiele paad del moat er him losmeitsje fan ’e Dokkumer Wâlden. Dêr is er grut wurden. Hy wit wol, it is de wrâld net út, mar mei de keale Klaai foar eagen griist it him dochs oan. De loft stiet dêr sa stiif en snoekgrau. De loft is dêr sa heech yn it noarden. Dêr sit snie yn. Net dat Former net earder op ’e Klaai west hat. Alle neiwinters is hy der hinne te moljen. Mar dat er dy kant útgiet mei it doel om net werom te kearen, jout him in ûnbestimd en ûnwennich gefoel. Hy docht it om mem.

Sûnt Ritske Kooistra, dêr’t Geeske 39 jier as húshâldster tsjinne hat, de holle dellei, die se gjin lichten of se woe werom nei de Ealsumer terp. ‘Myn taak is hjir ôfrûn,’ sei se alle kearen as se mei de leedbesites nei it sydkeammerke rûn. Doe’t se mei Jan Tabes’ Seli by de kiste stie, hie Seli sein ‘Ik hie altyd tocht dat it mei jimme nochris wat wurde soe.’ En om earlik te wêzen, dêr hie se sels ek jierren op rekkene, want hope is yn dit ferbân wat tefolle. Mar dy ferwachting wie by de tiid lâns yn har ferkuolle ta in stille berêsting. Net dat Ritske sa’n begearlik skepsel wie,

mar it hie in part fan it libben noch fergoedzje kinnen. Geeske hat noait in minske west fan allinne. Ritske en sij, se hiene elkoar tagedien west, mear net. En se ha al dy jierren njonken elkoar libbe as broer en suster.

Doe't in wike as wat lyn yn 'e krante stie dat de âlde foarein fan Mockema-State yn Spoarsicht op buorden kaam, hie se Feije fan Bjinse Feijes opdracht jûn it foar har te beskriuwen. Sa is se op har âlde dei noch foar fjirdelhûndert gûne eigener wurden fan Mockema-State, de pleats dêr't se as faam tsjinne en har iennichste lok en leafde belibbe hat. Al har sinten hat se der yn stutsen. Se hat noch altyd in fodsje Dokkumer Krante út 1924, dêr't yn stiet dat de efterein fan 'e pleats ôfbaarnde. De kop-hals is sûnt as in klinze op it hege hiemstik stean bleaun. Nea hat se werom west om it te sjen. Der hat altyd wat west dat har der fan wjerhâlden hat om boppe Dokkum te kommen. In djip woartele eangst, dy't suver ta in ôfkear wurden is. As is dat allegearre foarby, no't Ritske der net mear is en dêrmei de iennichste neie bân foar har ferbrutsen is.

Even komt Former om 'e wein hinne. De wyn snijt him izich yn it gesicht. Hy ropt 'Kin mem net better efter op 'e wein yn 'e lijte sitten gean?'

'Ik wol it sicht op Jeruzalim hâlde,' ropt Gees út 'e kape wei.

Former, dy't earder it idee hat dat se op reis binne nei Nazaret, ropt 'Mem ferklûmet dêr.'

'Falt ta. Ik ha al myn rêding oan, en bin mei gjin messen te bestekken.'

'It is om dea te gean,' ropt Germ, dy't noch altyd hannebûtsend njonken de wein rint.

'Wat ik hjir lichaamlik minder wurd, dat wurdt ik geastlik better,' ropt se. En har lûd klinkt suver fleurich.

It mei har niis even oangien wêze, doe't se foar it lêst yn de kâlde swarte ruten opseach. Mar wat hat se dêr efterlitten? Gjinn libben. Oars net as oantinkens dêr't se har oan beklûme hat. Se is net fuortgien mei de gedachte dat se wat loslitte moat. En dan efter op 'e wein sitte en it hiele ein it sicht hâlde op Wâlterswâld, Damwâld en Driezum. Even wurdt se kiezzich en seit dan 'It is my net yn 'e plasse slein.' Dêr efter har leit in libben dat sa freugdeleas foarby gien is. It is allegearre sa oars rûn as se tocht en hope hat. Ferdroege is se dêr, sûnder dat se der wat oan feroarje kind hat. Altyd is se de húshâldster mei de oerwinneling bleaun, en dat by in âldfeint dy't nea nei har taald hat. Net dat Rits in deadling wie, mar der siet gjin frouljusfleis oan.

Se wol it foar Former net heal wêze, dat se it har noch wol even nei nom-

men hat, doe't Former niis de blinen efter tichtdie en se sels de doar fan it efterkeammerke tichtluts. Se hie it allegearre noch ien kear yn har opnommen. It krûdetûntsje mei sealje en pipermint, de oanklaude paden om hûs en de keale linebeammen, dy't har skaad op 'e húsmuorre skreaunen. De âlde klimmer, dy't dûnkergrien syn heftwoartels yn 'e spjegeldaam tusken de finsters sette. It smûke fan 'e beamwâlen om hûs en hear. Lang hie se it net lije mocht, it wie har te benaud west, mar se wie der hinne groeid en it wie har eigen wurden. Mar de ûnferhoedse driuw om werom wie har te sterk wurden. Se wit dat se dêr te Ealsum net werom fine sil wat se litten hat. Mar se wol wêze op it plak dêr't har leafste en slimste oantinkens lizze; dêr't se it minsklik bestean op 'en djipsten trochfield hat. Wat har jierren ôfskrikt hat, dat lûkt no. En dat sil de leeftiid wêze, tinkt Gees.

By de Patrimoniumhuzen draaie se de Strobosser Trekwei op en ride om 'e Sionsberch hinne op nei Dokkum. By de Stiennen Bear komme se al yn 'e lijte fan de Kollumer Dwinger.

'Oft men hjir yn 'e himel komt,' seit Former.

'Hjir kinst op ferhaal komme, mar it kâldste ein krije wy aanst noch,' warskôget Germ. Bûten de Ealsumerpoarte hast de wyn út 'e earste hân. Dat skilt noch wol in jas.'

De wein rattelt oer de Wâldpoartebrêge de Keppelstrjitte yn. Dan de Syl oer en de Djipswâl del. Oeral binne kreas ferklaaide minsken, dy't frjemd opsjogge nei dizze sjofele ferhuzing op in ûntidige oere fan 'e dei. As soe de need de lju ta dit ferfarren twongen ha. Mar Germ hie earst de beurttsjinst op Dokkum riden en de wein leech sutele. It hie Geeske neat skele kinnen hoe let at Germ kommen wie.

'At wy foar de snein mar oer binne,' hie se sein. Want dat hie se no iennis yn 'e kop.

It moed rekket har even fol at se om Spoarsicht hinne oer de rails ride en de kâlde snieloft dûnker wjerkeatst yn de Ealsumerfeart. Se fielt de kjeld net. Op 'e nij belibbet se dy lette jûn yn septimber 1898, doe't se as jonge mem yn bline eangst by de feart lâns jachte wie. It hie har doe neat skele kind wêr't se kearde, at se mar earne ûnderdak krige foar harsels en lytse Former. Se wit noch hoe't se mei it bern yn 'e tekken by nacht oer de Moarrewâldster pûndyk flechte is, sûnder rêding en sinten; in bline takomst temjitte. It heucht har noch as de dei fan juster dat se dy nacht ûnderdak krige by in boerke oan de Efterwei te Ikkerwâld, dêr't se in pear dagen bliuwe mocht om op ferhaal te kommen. De boerinne hie plak foar har socht by in neef fan 'e boer, in healloen âldfeint,

dy't mei wat kobisten yn 'e Wâlterswâldster Foksegatten troch de tiid kaam. In skiednis dy't har eigen libben wurden is, en dy't se mei al syn djipten en eangsten no wer op 'e nij belibbet, no't se mei al har hawwen de tardyk nei Ealsum opride.

Former stapt op 'e fyts en riidt de wein foarút mei Okky deun op it spatboerd. Op 'e skieding by it transformatorhúske draait hy in paad yn tusken de huzen troch, dat delrint nei it Leech. Dêr stiet er foar in stik terp, dat as in berch út it kampke greide ferriist. Hy skoot de fyts it steile paad op en stiet foar in bryksakke boerefoarein mei plastery muorren en in swartferve trasramt. Under de finsters stiet in stik útfretten fleurhage. Wjerskanten fan it hûs rint it tún, grien fan 'e kjitten, stadiich ôf. Oan 'e lofterkant rint it tsjin de hege ringdyk gear yn in kûm. Fan 'e hichte ôf kin er út 'e fierte Germ kommen sjen. Mem is al in eintsje foar it hynder op. It is har allegearre wer bekend. Se neamt foar harsels de nammen fan de bewenners fan doe. De houtmûne is ôfbrutsen, mar de mûneloadsen en it droechhok steane der noch. It mûndershûs, en dat fan de seachbaas Jabik Boates, is neat oan feroare. De koarkbeamkes njonken Keegstra syn kamp en it doffe glinsterjen fan it iis yn 'e feart, it komt har allegearre wer sa eigen foar.

'Wêr is de tiid bleaun,' seit se, as se mei it sicht oer it iepen fjild it ferline wer yn har ta libben ropt.

'Dut wie dan dyn oarde, Gees,' ropt Germ, en der klinkt wat fan in net begripen yn syn lûd.

'Ik bin der nea los fan kommen.'

'Ik soe it hjir bestjerre. Dea woe ik hjir net lizze.'

'Hjir moatst berne wêze om dy thús fiele te kinnen,' seit se.

'Dan bin ik bliid dat my dat net oerkommen is,' laket Germ.

'Sjoch, ús pleats,' ropt Geeske, en se wiist oer de keale beamkes en hagen nei it skiere hûs op it Heech, dat fier boppe de oare huzen út te sjen is.

'En Former dan?' freget Germ.

'Dêr sil ik in Klaiker fan meitsje,' laket Gees lûd.

'Dan mei der wol in wûnder barre.'

'Dat falt in krom ta, der sit klaikersbloed yn dy jonge, dat slachst der net út.'

Se hat wat foarstliks oer har at se it paad ynrint. As wol se mei har hâlding bewize dat se har skea en skande te boppe kommen is. As de wein kreakjend it Leech yn rôlet en ûnder oan it terpke stil stean bliuwt stapt Geeske it steile paad op, mei in hâlding as soe se sels de boerinne wêze.

It is in skurf en ferfallen hûs. Op it hiem lizze pandiggels. Yn 'e hege holle ruten blinkt it ljocht fan 'e skiere neidei. Der lekt wetter fan 'e ferrotte goatten. De skiere plastery muorren binne teskuord en op 'e skoarstiensein is de stien swart berikke. Hjir en dêr stekke wat deade strampels út it hiem fan 'e rûgebal en teewoartel. Yn 'e terpwâl waakse fleuren. Oan 'e grêft steane skiere wylch en popels. Yn it smelle rinpaad njonken it tún nei de dyk lizze grouwe knodzen stien, dat it is dêr bonkebrekken.

Former hâldt de foardoar iepen. De brede mulgong rûkt moassich. De beide keamers wjerskanten fan 'e gong lizze fol kâld ljocht. Boppe de roeden fan 'e finsters steane tinne iisblommen. Geeske stampet mei de klompen op 'e houten flier. 'Der is neat dat souket,' seit se.

Se rint troch it hûs mei de blik fan herkenning. Foar alle finsters bliuwt se even stean en nimt it útsicht yn har op. De slotgrêft fan de âlde State leit breed en dûnker om it fergroeven kampke lân. De hege ringdyk mei de keale eskenwâl, dêr't de tûken as tromstokken fan yn 'e loft stekke. En heger oprinnend it lykpaad en de tsjerke yn de iperen mantel.

De hûn dwaalt piipjend troch de keamers as is er deaûnwennich.

Former en Germ begjinne út it Leech wei de brot omheech te tûgjen. Geeske faget it kjifsel mei de lange feger fan de ûnderlegers. Skodholjend past se de striematrassen yn 'e grutte bedsteden. Mar hoe sille matraskes út in krûpyn fan 'e Wâlden passe yn de wide bedsteden fan in klaaipleats. Se rjochtsje ien fan 'e beide keamers yn om te wenjen. Dêr komt de fierste behindige japanske matte oer de flier fan 'e rojale boerekeamer. De hekkjachel wurdt foar it bûntmarmere hurdste brocht. Former set de turfbak mei briketten en turf njonken de tegelplaat. Geeske hallet in fodde oer de swart-mei-tongerwolkjes ferve plinten en pronket de keamer op mei Sineeske faaskes op 'e bedsrichel, lykas de boerinne froeger ek hân hat. It plak boppe de skoarstienmantel gnisset se op mei Ritske syn lange spegel, bûnt fan it waar. Der komt in loperke oer de klok. Germ stekt de lange en de platte piip yn elkoar en past dy yn it boazemgat. Mei in pear drippen petroalje oer in smoes, stekt Geeske de brân yn 'e kachel. De keamer is blau fan 'e reek. Der lûkt in wâlm oer de opwreaune spegel. De ruten beslagge. De skoarstien rikket.

In oere letter stiet alles te plak en giet Germ werom nei de Wâlden. Former sjocht him yn it skimerljocht by de feart lâns jeien, as sit de divel him efter. Dat wei wurden fan de tichte wein makket syn ûnwennigens even folslein. As wurdt der wat út him weiskuord. Iensum stiet er in

skoft oan 'e grêft, dêr't de nachtloft him kâld wjerspegelt yn it oerizele wetter.

By it hûs foar oan by de dyk, sjocht er njonken it paad in jongfeint stean dy't him meunstert. Roerleas stiet er ûnder in beam yn it gers. Hy groetet net. Hy stiet dêr as in ferskrikker. Meidat de nacht falt is er hieltyd minder te sjen. De keale tûken fan de beam bûge har oer him hinne. Der blinkt dof ljocht op út it wetter fan 'e grêft. It baret as der in pear einen troch it iepen wetter komme. Dan is de persoan net mear te ûnderskieden. De nacht hat him opnommen. Mar hy stiet noch op itselde plak en sjocht nei it Heech mei de nije buorlju. Ynienen sjocht Former syn skym oan 'e foet fan 'e terp. Hy skarrelt troch it tsjuster. Der knappe skyltsjes iis ûnder syn klompen.

Dan ropt Former 'Sykje jo wat?'

De jongfeint stiet oan 'e foet fan it paad en ropt nei boppen 'De nije bewenner?'

'Ik hyt fan Former.'

'Ik bin Lútsen.'

'Ik hoopje dat wy it as buorlju goed roaie kinne,' seit Former.

'Jimme sille hjir net sa lang frjemd wêze,' fersekert Lútsen.

'Ik hoopje it.'

Lútsen hoasset en seit 'It is gâns in omkear neffens de Wâlden.'

'Dat skeelt in jas.'

'Seach ik dat fan 'e middei goed, datsto in gewear yn 'e hûs droechst?' freget Lútsen.

'Dat hast goed sjoen.'

'It sil gjin ark wêze foar de milysje, ha 'k begrepen.'

'Nee, gjin soldaterij. Ik sit hjerstmis wolris efter de hazzen oan.'

'Ik tocht, doe't ik dy mei dat gewear de terp opgean seach, miskien is 't in man om by ús ploechje fan de Lânstoarm. De ôfdieling fan de BVL is hjir mar lyts. De befolking is te Ealsum tin siedde. In goede skutter moat men dan al gau om sykje. Doe't ik dat gewear seach tocht ik, dat is miskien in skutter foar ús.'

'Moatst mar net op rekkenje. Der is fjochterij genôch yn 'e wrâld.'

'Dêrom meie wy ús net ôfsidich hâlde en de eagen slute foar de werklikheid,' warskôget Lútsen foarsichtich.

'Om daalk mar te sizzen wêr't it op stiet,' ferfettet Former, 'ik bin tsjin soldaterij.'

Dan wurdt it even stil oan 'e foet fan 'e terp en sjocht Former dat de gestalte him ferwidert. Syn klompen skrasse yn it izige gers.

‘Dat is dan spitich,’ heart er dat Lútsen seit. Hy is al in ein hinne de kamp oer, dan bliuwt er stean en ropt út it skimerskier ‘Net om fan mysels te swetsen, mar foarsichtich taksearjend hie ’k tocht, miskien hiene wy elkoar partoer wêze kind.’

Former laket mei selsspot en antwurdet ‘Sa’n wisse sjitter bin ik net, mar wat behindich wyld, dat hast mei in skot hagel gau ûnder beslach.’

Lútsen rint stadich oer it opljochtsjende paad nei hûs. Hy stiet noch in skoft op eigen hiem te sjen. Former sjocht syn skym yn it ljocht fan de lampe op ’e hoeke. Hy wurdt stil wei yn it skaad fan it hûs, mar it duorret noch gâns in skoft eardat Former de bûtendoar by de buorlju slaan heart.

Bijke stiet te janken by de hoksdoar. Former hellet it bist oan. It begruttet him. It bist stiet te triljen op ’e poaten.

‘Ik sil in goed plak foar dy sykje, want dit moat dyn thús wurde. Do bist in wâldhûn, mar tenei sille wy ús heil op ’e Klaai sykje, Okky?’

It bist triuwt de kop ûnder Former syn jas en snúft snokkend. Former wriuwt syn hannen waarm yn it hûnehier en kjimt him oer de kop. It hûntsje pipet ûngeduldich.

‘Do wolst nei hûs, mar dit is tenei dyn plak.’

Yn it hok sket Former in hoekje foar him ôf, plantet de koer der yn en makket de kieren ticht mei âlde sekken. Dêr leit er it hûntsje yn. It sjocht him sa ûnbegripend oan.

‘Dêr hast in nusk plakje,’ seit er.

It bist is like ûnwennich as syn baas.

Former slacht oan ’e nacht ta op it hiem om. Dan stekt er de lampe op yn it hok en ynspektarret it húske. Mei wat latten bespikert hy de bril. Slacht lichte rongen yn it hokssket en hinget dêr it tou mei de triedknippen oan. Hy stekt de bats yn it rim, riuwt de skeakelnetten oan ’e line en hinget de fûken op ’e pinnen. It taantontsje set er op in bousel fan losse stien.

Geeske sit stiif foar it keamersfinster en sjocht yn in winterloft, dy’t ôfljochtet op in wide noarderkime. Se hellet har it ferline wer foar de geast. As kin se it harsels noch net begripe dat se op it plak sit dêr’t it allegearre bard is. Hjir hat se in hiele simmer yn noed libbe, omdat se yn ’e kream moast, sûnder dat se der foar útkomme doarst. Se bringt har wer yn ’t sin hoe’t se alles besocht hat om it bern wei te krijen. Alle jûnen, as nimmen it sjen koe, wie se krekt salang oer de reinwetersbak sprongen oant se net mear koe. It hie neat holpen. Doe hie se alles te baat nommen om har swierwêzen ferburgen te hâlden. Moannen hie se



har lichem ynsnuorre. Dy ferskriklike jûn dat se wist dat it bern komme moast. De pine en eangsten dy't se doe trochstien hat, se is it nea wer kwyt rekke. Dat se in lekken fan it bêd helle en it yn repen skuorde. Yn 'e reiden koffer hie se in tekken teard en alle rêding der yn protte. Yn 'e gloppe njonken de keuken, dêr't har bêd stie, hie se in gaadlik momint ôfwachte en wie it hûs út slûpt. Deabenaud hie se west doe't se yn 'e nacht it lykpaad oprûn en dêr lykme allinne stie ûnder de rûzing fan 'e beammen. Oan 'e oare kant fan 'e terp hie se har njonken de tsjerkhôfstreppen yn 'e wâl sakje litten. Se hie amper witten wat se die. Fan pine hie se har hannen as klauwen yn 'e losse terpwâl slein. Yn it moanneljocht hie se de Flessefeart blinken sjoen. Beswit hie se oan 'e kant fan it wetter stien om harsels fan kant te bringen. In momint fan slimme twivel, mear hie it net west. Se hie in plakje socht yn 'e rûge slinke njonken de terp. As is der noch wat fan dy pynlike stek te fielen as se der oan tinkt dat se it bern krige yn it moanneljochte fjild. Fanwegen de krampige weeën wie se skriemend troch it wietbedauwe gers krûpt. Dat earste lûd dat se fan it bern hearde, as wie de himel foar har iepen gien. Se hie gûld en hie bliid west tagelyk. Machtleas hie se in skoft op 'e rêch yn it gers lein te sjen en hie de himel noch nea sa ûnferjitlike moai sjoen as doe. Op dôve knibbels wie se nei it bern ta krûpt en hie it berêden en yn de tekken rôle. Se hie it betute, it tsjin har oan koeze en it oan har boarsten sabje litten. Yn it moanneljocht hie se miend dat it leave gesicht tsjin har lake. Doe hie se foar it earst syn nammen neamd: Former Thomas. Sa soe er hite, nei har heit.

De moanne wie al ferblikt yn it earste moarnsljocht, doe siet se noch mei it bern yn 'e earm oan 'e kant fan 'e Flessefeart. Pas doe't de arbeiders Siger Kracht en Piter Vriezema troch it stille fjild kommen wiene, hie it har dreun. Om net sjoen te wurden hie se har yn in fuorge rôlje litten mei it bern. Se hie de lokrop fan de kijophellers heard. Arjen Barwegen, mei syn heech lûd boppe alles út te âljen. Se wie hastich wurden. Op 'e pleats soe de boer har út 'e gloppe roppe. Mei pine yn it hert hie se lytse Former yn 'e reiden koffer lein en dêr it deksel as in kape omhinne stutsen. Sa hie se it harterke oan 'e kant fan 'e Flessefeart lein. Se hâldt de fûsten om 'e bekling fan 'e stoel knypt. It is in bange dream, dy't se wol tûzenris yn har libben dreamd hat. Se wurdt kjel fan Former syn stappen oer it hiem. Dizze weromtocht, se hat it har allegear sa oars foarsteld. Se heart wat eigens yn it blaffen fan Okky en de stap fan Former oer it hurdferzen hiem. Troch de eskenloane sjocht se it lêste ljocht readich op 'e noarderkeime dôvjen.

Ha ik ek tefolle wold? tinkt se. Ha ik Former losmakke fan 'e wrâld dêr't er him thús fielde en dêr't ik him yn myn need hinne brocht ha? Ha ik tefolle oan mysels tocht?

Se skrillet wekker út har prakkesaasjes as Former yn 'e keamer komt en seit 'Litst dy hjir benachtsje, âlde.'

Se knipert tsjin it lampeljocht en seit sa fleurich at se opbringe kin 'Dêr binne wy dan.'

Dan fiert hy de griene fâldblinen yn 'e keamer ticht. De nacht is begûn.

## 2.

Doe't dy middeis de tichte wein it Leech yn draaide, stie it folk yn it hûs oan 'e dyk efter de gerdinen de nije bewenners fan Mockema-State op te wachtsjen. Willem Idsardi, syn wiif Luertske en harren soan Lútsen. 'Suterich spul,' wie Luertske har earste reaksje. 'En dat hat dat stee kocht?'

'Sil wol fan dat lichte Wâldfolk wêze,' sei Lútsen lytsachtsjend.

Willem hie yn 'e krante lêzen dat Gees it hûs kocht hie. Doe't er har mei foarse stappen it paad ynkommen seach, hie er sein 'Dut mist my net, dut is Geeske; deselde bazige stap as har mem.'

'Hasto dêr dan kunde oan?' frege Luertske ferwûndere.

'Wis en wrachtich, ha ik dêr kunde oan. Dat fanke wenne hjir neist lyts fjirtich jier foar nacht en dei op 'e Mockema's pleats. Ik moat my al raar fersinne at ik froeger net ris mei har baantsjeriden ha.'

'Ei ja, toe mar. Baantsjeride!' sei Luertske erchtinkend.

'Dan binne jim al moai yn 'e kunde,' spotte Lútsen.

'En wat hat dat frommes hjir no te sykjen?' frege Luertske.

'It âlde nêst, tink.'

'En dy man dan?' frege Lútsen.

'Dat is har soan, ha 'k begrepen.'

'En har man dan?'

'Se hat noait troud west. Dy jonge hat se oerwûn.'

'Goikes,' sei Luertske, 'En dat spul krije wy hjir no op it streekje?'

'Dêrom kin it wol goed folk wêze,' ferdigene Willem de nijkommelingen.

Dy jûns nei iten seit Willem Idsardi 'Ik sil jimme it ferhaal dwaan fan Geeske.' Dan skikke se even neier oan 'e tafel, de gerdinen ticht en de lampe op.

‘Wy wennen op ’e Swannepleats, by de feart, dêr’t no de Brúnjes wenje. Geeske kaam fan Tiltsjebuorren en tsjinne by de boer fan Mockema-State, in grutte pleats dêr’t no allinne noch de foarein fan op it Heech stiet. Der wie gjin minske dy’t wist dat Geeske op in stuit in bern ferwachte, mar de moard drige út te kommen doe’t in arbeider fan Thomes Sjolles op in moarn oer it tsjerkhôf kaam op reis nei de pleats. Dy hearde út ’e Flessefeart wei it gûlen fan in bern. No wie dy arbeider net ien fan de heldersten en boppedat wat bygelovich, dat hy miende dat it de opstanning fan ’e deaden wie. Hy draafde it lykpaad del as in gek en raasde oars net as: dit is de Jongste Dei, dit is de Jongste Dei. De boer wist net wat hy der fan tinke moast en gyng mei de oerstjoere arbeider werom nei it tsjerkhôf. Mar doe hearden se it gûlen net mear. De arbeider waard doe oan it wurk set en de boer gyng lulk nei hûs, omdat dy ûnnoazele hals him sa foar de kroade riden hie.

It moat dy jûns al let west ha, doe’t immen fan Tiltsjebuorren oer it heechhout kaam en dêrwei troch de greide stiek op reis nei de pastorij foar it belidenisfragelearen. Hy hearde, doe’t er healwei de tsjerkhôfstrep wie it bern ek gûlen. Hy waard sa deabenaud, dat hy doarst it tsjerkhôfspaad net del. Dêrom rûn er werom troch de greide. Om op ’en gausten op it jaachpaad te kommen moast er by de Flessefeart lâns. Dêr hearde er hiel dúdlik it sêfte, prangjende gûlen fan in bern. Hy hat doe de wâlen fan de Flesse troch west en seach yn it ljochtmoannewear de reiden koffer op ’e tûgels lizzen. Hy baaide de sleat yn, krige de koffer mei it bern en draafde der mei nei de pastorij. Dêr lei er it spul yn ’e keuken op ’e tafel. Dûmny en mefrou der omhinne. De plysje derby. It bern moast nei Mitselwier brocht wurde. Dêr soe it earst ûnderbrocht wurde yn it earmhûs. Jan Idskes Elzinga, destiids boer op Bloemendaal, krige de opdracht it bern mei de tilbury nei it gemeentehûs te riden.

De boerinne fan Mockema-State krige lykwols yn ’e gaten dat it mei Geeske net hielendal ynoarder wie. De moarns wie se siik en alhiel ûntdien út it fjild wei setten kommen en lei deableek en koartsich op bêd te switten. Lyske ûndersocht de boel, liet dokter komme en joech tyнге oan de gemeente dat de mem al fûn wie. Doe is it bern dêr de oare dei oanjûn troch de boer fan Mockema-State as Former Thomas Bloemkamp, nei Gees har heit. It bern waard mei werom nommen nei Geeske. Dat bern ha jim fan ’e middei, as in kearel fan krapoan fjirtich, de reed yn fytsen sjoen.’

‘Hoe binne se dan sa yn ’e Wâlden teplak kommen?’ freget Luertske.

‘Dat hat noch in hiel trelit west, dêr’t ik it krechte net fan oan ’e weet kommen bin. Gees mocht it bern op ’e pleats hâlde en koe as faam bliuwe. Pibe en Lyske wiene de minsten net. Se woene it bern yn harren húshâlding opnimme as wie it harren eigen. Mar nei’t der sein waard makke de heit fan it bern jacht op Geeske. Dy woe neat mear fan him witte, want nei’t der sein waard wie it in earst ferkearden, dy’t wol mear yn ’t wyld hie te rinnen. Op in jûntiid nei melken is se mei it bern út-naaid. Ik wit noch dat ús mem doe yn it bûthús kaam, wy sieten te melken, en fertelde dat Geeske der mei it bern út-naaid wie. Gjinn minske dat wist wêr’t se kearde. Pas folle letter hearde ús mem oan ’e doar fan in lapkekeapman út ’e Wâlden, dat se dêr tahâlde as húshâldster. Oft it no wier is of net, mar jierren hat ek it sechje gien dat de boer fan Mookema-State de heit wie en dat Geeske de boer sjantearde. Dêrom soe de boer har op in nacht sûnder rak en dak op ’e dyk set ha mei it bern. Mar it rjochte binne wy nea gewaar wurden. Ik wit wol dat it jonkje Former hiet. Mar as der te Ealsum oer Gees en it jonkje praat waard, dan hiene se it altyd oer Lytse Moazes. Hy is no, fjirtich jier letter, werom út Egypte.’

‘Dan is er no yn it beloofde lân,’ spot Lútsen.

‘Dat moat noch ôfwachte wurde. Sok Wâldfolk fynt it hjir net maklik, en Gees fynt hjir ek net wat se mient te finen,’ seit Willem.

‘In oerwinneling, dêr kinst net it measte fan ferwachtsje. En dan sa’n mem,’ snúft Luertske.

‘Hy hat ek in gewear,’ seit Lútsen. ‘Ik seach fan ’e middei dat er it yn ’e hûs brocht.’

‘Goikes,’ kfeunt Luertske.

‘Mar der sit gjin skutter yn foar de BVL.’

‘Hoesa net?’ freget Willem.

‘Hy moat neat hawwe fan soldaterij, sei er.’

‘Sil wol in man wêze fan it brutsen gewear. Kommunistyske of anargistyske ideeën. Mar wat moat er dan mei dat gewear?’

‘Jeie, efter it wyld oan, streupe.’

‘Ik hear it wol, ús soarte folk net,’ seit Luertske ferachtlik.